



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE

Wirdum Fr e.o.

Snein 4 maart 2018

3e snein yn de 40-dagentiid

Fryske tsjinst

Nei in tige kâlde wike, mei hurde wyn út it easten mar ek mei in soad iiswille, fielt it dizze sneintemoarn wat noflikker oan. De sinne skynt en de wyn hat 'm deljûn. Gemeenteleden en gasten meitsje harren gong nei tsjerke. It is fjn om inoar te moetsjen.

Wolkom en meidielings



De âlderling fan tsjinst, Elske Roorda-Posthuma, hjit gemeenteleden en gasten fan herte wolkom. Ek de gemeenteleden dy't de tsjinst letter op cd belústerje en sa mei ús ferbûn binne.

Wy sjonge it iepeningsliet, Liet 25:

moaie winterke` dat wy (hân) hawwe. Tagelyk leit hy ús op it hert om foarsichtich te wezen as fannemiddei de rein en glêdens komme.

Wy sjonge Liet 547, alle fersen:
*`Jezus dy't syn wei gie mei de libbensbeam, hat oan God de Heit de goede fruchten bean.
 Kyrieëleison, wês mei ús begien, dat wy 't libben krije, út 'e dea opstien`*

De liturgyske blomskikking lit it byld fan de timpelreiniging sjen: in stik tou en jildstikken. Yn de preek leit dûmny hjirnei in link.



Wy bidde it gebed dat op de kaart by de blommen stiet.



De tsjinst fan de Skriften

De earste skriftlêzing is út Psalm 69: 1 - 13

Hjirnei sjonge wy Liet 69: 1, 2 en 3:
`Help my, o God, it wetter komt omheech, ik kin omtrint gjin fêste grûn mear fine! Lit my net yn dy donkere kolk ferdwine, mar hâld my fêst, oars sakje ik omleech`



7 en 9: *`God, de helper út de neden, as in freon is Hy net fier. Rykdom fan ferburgenheden wurdt de sielen iepenbier`*

Groet en bemoediging



It **drompelgebed** wurdt troch de gemeente in tal keren lûdop meistimd:
`Hear, ûntfermje Jo`

Dûmny kin it net litte en seit in pear wurden oer `it

De twadde lêzing is út it evangeelje fan Mattéus, haadstik 21: 1 – 17. Dûmny lêst dit út syn eigen oersetting dy't hy makke hat op fersyk fan in drukkerij, mei it each op *`Kulturele Haadstêd 2018`*.



Foto: Henk Bootsma

Wy sjonge Liet 8a, alle fersen: *`O Hear, ús Hear, hoe hearlik is jo namme yn alle heugenis. De hiele wrâld oer klinkt jo rom. De himel ropt jo gloarje om`*

Preek

Gemeente fan 'e Hear,

It is de dream fan elke dominy om frege te wurden foar in nije oersetting fan in part fan 'e Bibel, yn hokker taal dan ek. Sa waard ik frege troch in útgjower om Mattéus op 'en nij oer te



setten yn it Frysk. It moast in boekje wurde mei it each op 'e kulturele haadstêd, dat wy dan ek wat sjen litte kinne fan it leauwe en de Bibel. De útgjower socht ek by elk haadstik moaie foto's út Fryslân, mei as klapper

de Slachtebrêge by Wommels. En dan litte se útrekkene de kuier dit jier net trochglean, omdat der mar 5000 dielnimmers har opjûn hawwe.

Dan komt eefkes it dwerse idee yn jin op, om dan mar op eigen houtsje op 'e selde dei de tocht al te rinnen. Sa'n hillige iver foar in goeie saak kin hiel wat losmeitsje mar it kin ek hiel wat ferniele. Jo sjogge dat yn 'e polityk, yn ferienings, en yn tsjerken. Dat seagen se mei Jezus ek barren. Hy gong sa bot yn syn boadskip op, dat de minsken tochten: Dit komt op 'e kop ferkeard. Pas letter hawwe se it begrepen: dit moast sa, want dit wie de ferfolling fan 'e Skrift. Dy bern te roppen en te razen yn 'e timpel - dy bern binne de ferfolling fan Psalm 8, 'út 'e mûlen fan lytse poppen en tatebern'! En as Jezus ien wike letter oppakt en krusige wurdt, dan begripe de learlingen: dit is de ferfolling fan Psalm 69, 'fan iver foar jo hûs wurd ik fertard'! Hoe moat dat mei ús? Hoe moatte wy, as wy it goede sjogge, en wy merke dat ús krêften it net folhâlde, of dat de organisaasje it net oan kin om trou te bliuwen oan in idêaal? It treastrike fan dit ferhaal fyn ik dan, dat wy beseffe meie dat Jezus it is dy't de Skrift



wiermakket - en ien kear wiermeitsjen is genôch. As wy it net folhâlde, as wy it net folbringe - Hy hat it folbrocht, en ien kear

folbringen is genôch. De wurden fan 'e wet, de hiele Skrift, dy freget derom om wiermakke te wurden. En dy is wiermakke, troch Him.

Wy kinne ús hope festigje op it keningskip fan God, syn Keninkryk. It is wiermakke, it is festige, en wy sille it sjen. En as it ús net slagget om altiten ús eagen op God te hâlden, op syn bedoelings, op syn takomst - dêr hinget de takomst net fan ôf. De takomst is yn hannen fan Jezus, dy't syn eagen wol altyd op Gods bedoelings holden hat. En alle kearen wer meie ús eagen sykje om Him. En yn syn eagen Gods Keninkryk moetsje. Amen.

Stilte

De oargelist spilet in bewurking fan Psalm 8

Wy sjonge Liet 554: *`Wolkom, wolkom, kening Jezus, fredich ridend op in ezel. Kom, en lit Him fierder gean oer in loper fan ús klean`*

De tsjinst fan it dielen

De blommen gean hjoed as groet fan ús gemeente nei mefr.

Offringa-Miedema.

Kollekte:

- 1: Tsjerke yn Aksje: 40-dagetiidkollekte;
- 2: Tsjerklik wurk



Klaaske de Boer jout in taljochting op de kollekte foar Oeganda.



De tsjinst van de gebeden

Wy beântwurdzje de gebeden troch mei-inoar it
`Us Heit' te bidden.



Hjirnei sjonge
wy ús slotliet,
Liet 25a: *`Myn
eagen binne
fêstige op God,
oft Hy my rêdt.
Myn hert, al
hoe ûnrêstich,
op Him haw ik
it set'*



Seine

Wy stimme mei yn `e
seine troch trije kear it
Amen te sjongen.

Nei de tsjinst drinke wy
mei-inoar in bakje kofje.
Kontakten wurde fernijd
en der wurdt noch even
neipraat oer de tsjinst.



Meiwurkers:

Foargonger:	Ds. L. Westra, Lollum
Oargelist:	Albert Minnema
Alderling:	Elske Roorda-Posthuma
Diakens:	Wiebren Jongbloed Janny Lindeman
Koster:	Janny Veenstra
Blommen:	Klaaske de Boer
Beamer:	Steven Feenstra

Typ: CBB Foto: ROB